



# GEES IS NET GEK

(Maar Gees is niet gek)

Stik fan

**JOHAN E. G. RUITER**

oerset yn it Frysk troch

**Geert Hager**

**TONEELUITGEVERIJ VINK B.V.**

(Grimas Theatergrime verkoop)

Tel: 072 - 5 11 24 07

E-mail: [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Website: [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

## **VOORWAARDEN**

Alle amateurverenigingen die het stuk: **GEES IS NET GEK - MAAR GEES IS NIET GEK** gaan opvoeren, dienen in alle programmaboekjes, posters, advertenties en eventuele andere publicaties de volledige naam van de oorspronkelijke auteur: **JOHAN E. G. RUITER** te vermelden.

De naam van de auteur moet verschijnen op een aparte regel, waar geen andere naam wordt genoemd.

Direct daarop volgend de titel van het stuk.

De naam van de auteur mag niet minder groot zijn dan 50% van de lettergrootte van de titel.

U dient tevens te vermelden dat u deze opvoering mag geven met speciale toestemming van het I.B.V.A. Holland bv te Alkmaar.

**Copyright: © 2008 Anco Entertainment bv - Toneeluitgeverij Vink bv**

**Internet:** [www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl)

**E-mail:** [info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)

Niets uit deze uitgave mag verveelvoudigd en/of openbaar gemaakt worden door middel van druk, fotokopie, verfilming, video opname, internet vertoning (youtube e.d.) of op welke andere wijze dan ook, zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Het is niet toegestaan de tekst te wijzigen en/of te bewerken zonder voorafgaande schriftelijke toestemming van I.B.V.A. HOLLAND bv te Alkmaar, welk bureau in deze namens de Uitgever optreedt.

Vergunning tot opvoering van dit toneelwerk moet worden aangevraagd bij het Auteursrechtenbureau **I.B.V.A. HOLLAND bv**

Postbus 363

1800 AJ Alkmaar

Telefoon 072 - 5112135

Website: [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl)

Email: [info@ibva.nl](mailto:info@ibva.nl)

ING bank: 81356 – IBAN: NL08INGB0000081356 BIC: INGBNL2A

**Geen enkele andere instantie dan het IBVA heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

Auteursrechten betekenen het honorarium (loon!) voor de auteur van wiens werk door u gebruik wordt gemaakt!

Auteursrechten moeten betaald worden voor elke voorstelling, dus ook voor try-outs, voorstellingen in/voor zorginstellingen, scholen e.d.

**Vergunning tot opvoering:**

1. Aankoop van minimaal **7** tekstboekjes bij de uitgever.
2. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart (tevens bewijs van aankoop), met uw gegevens, naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
3. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Vergunning tot HER-opvoering(en):**

1. U vult het aanvraagformulier in op [www.ibva.nl](http://www.ibva.nl) of u zendt de aanvraagkaart met uw gegevens naar I.B.V.A. Holland. Uw aanvraag dient tenminste **drie weken voor de eerste opvoering** in bezit te zijn van I.B.V.A. Holland.
2. U krijgt daarop de nota toegestuurd. Na betaling wordt u de vereiste vergunning toegestuurd.

**Opvoeringen zonder vergunning zijn niet toegestaan en strafbaar op grond van de Auteurswet 1912. Zij worden gerechtelijk vervolgd, terwijl de geldende rechten met 100% worden verhoogd. Het tarief wordt met 20% verhoogd voor opvoeringen waarvoor geen toestemming werd aangevraagd binnen drie weken voorafgaand aan de voorstelling.**

**Het is verboden gebruik te maken van gekregen, geleende, gehuurde of van anderen dan de uitgever gekochte tekstboekjes.**

**Rechten BELGIË: Toneelfonds JANSSENS, afd. Auteursrechten,  
Te Boelaerlei 107 - 2140 Bght ANTWERPEN Telefoon (03)3.66.44.00.  
Geen enkele andere instantie heeft de bevoegdheid genoemde rechten van u te claimen, of te innen.**

## **PERSONEN:**

Gees: de bewenster.

Klaas: har oansteande skoansoan.

Marie: har dochter.

Sonja: de oare freondinne. (*prûk op*)

Jannes: har buorman.

Bertus: in hierder.

Siets: syn oansteande.

## **DECOR:**

It dekor is in lege keamer mei in stik as wat ferhúsdoazen.

In skeef hingjend skilderijke aan de muorre, in tafeltsje mei in tillefoan.  
In pear stuollen op mekoar, in makkelike stoel. Alles stiet klear foar de ferhúzer.

Gees sit op in kiste as doaze en is vrijwat opstannich.

De túndoarren steane iepen en it measte folk komt dan ek troch de túndoarren deryn.

(*it skilderij yn it twadde bedriuw hoecht net te hingjen mar mei ek op in kast stean*)

## EARSTE BEDRIUW

Gees: Mar as se no tinke dat Gees demint is, no dan sitte se ferkeard.

Wat tinke se wol net dat se my samar yn in âldereintehûs yn sa'n lyts keamerke triuwe kinne? (*Klaas komt deryn mei in doaze fol guod*)

Klaas: No sjoch ris beppe, al wer in doaze fol moai guod. (set de doaze del)

Gees: Wa bisto no wer? En neam my gjin beppe, snotnoas. Dat rint h jit mar yn en út en docht krekt as wenje se h jir.

Klaas: Ik bin Klaas beppe en wy helpe ommers mei de ferhuzing.

Gees: Ach fal dea fint, ik bin dyn beppe net. Wat moast h jir eins, gean nei dyn eigen hûs.

Klaas: Mar beppe, witte jo dat net mear. Ik bin ommers mei jo dochter ferloofd.

Gees: Wat? Bisto ferloofd? Dat is dochs net wier? Se binne potjandoarje noch net droech efter de earen en se roppe al dat se ferloofd binne.

Klaas: Mar dat wit beppe dochs wol. Wy ha ommers ek al twa bern, no ja.... út myn earder houlik dan.

Gees: Ja, dat kin der ek noch wol by. (*tsjin de seal*) Moast neigean.

Eartiids rûnnen de bern mei snotnoazen, mar tsjinwurdich rinne de snotnoazen al mei bern. It moat net mâler wurde. (*Marie komt deryn*)

Marie: Hoe liket it Klaas? Komst ek noch werom? Do kinst net hieltyd by mem sitten bliuwe te praten, der moat ek wat gebeure. De ferhûzer kin h jir sa wêze en der moat noch fan alles ynpakt wurde.

Klaas: (*Se prate oer Gees har holle hinne, krekt as is se der net*) It is wer hielendal yn de war mei jim mem. Se wit net iens mear wa ik bin.

Marie: No ja, se witte yn "Avondrood" wol hoe se der mei oan moatte. Gjin probleem.

Gees: (*fan side, docht mei de hân as praat se*) Bla, bla, bla.

Klaas: Dat is dan mar te hoopjen. Mar wy ha noch wol in oar probleemke. Sy moat noch wol efkes tekenje foar it hûs.

Marie: Dat hat dochs gjin haast, dat kin noch wol.

Klaas: Jaaahaaaa, dat seist no wol Marie, mar de auto dy wy graach ha wolle is op it stuit yn de oanbieding. Krigest der no fergees sa'n apparaatsje by, dan kinst presiis sjen wêrst bist. En dat ding seit dy ek presiis wêrst lâns moast asto earne hinne wolst.

Marie: Ha wy dat nedich?

Gees: Bla, bla, bla

Klaas: Dy apparaatsjes bin ferrekte handich hear.

Marie: Kom earst mar mei, der moat noch wat gebeure. (*gean tegearre ôf*)

Gees: Dat ha se hjoed de dei wol nedich, in apparaat om se it paad te wizen. (*Jannes komt deryn, in rûch man op klompen. Dy set hy meastal by de doar*) De minsken binne allegear it paad bjuster.

Jannes: Asto it paad mar net bjuster bist Gees.

Gees: Hè Jannes, hoe is it mei dy jong.? Alles goed? Ik ha dy al in dei as wat net sjoen. Ik krike hast langstmen nei dy, as eh wiest do it paad ek bjuster krekt as dy fint yn syn dikke slide fan é wike.

Jannes: Fint yn in dikke slide?

Gees: Ja, dat wie moai jong. Ik rûn hjir yn it doarp, stoppet der yniens sa'n grutte wein njonken my. Dy fint draait syn rûtsje iepen en sei: "kinne jo my efkes helpe mefrou, want ik bin de wei kwyt". Ik sei tsjin dy fint: "moast is nei ûnderen sjen, want dêr leit 'r".

Jannes: Das in goeie Gees en wat sei dy fint doe?

Gees: Wit ik net, der ha ik net op wachte. Ik stie krekt by de slachter foar en dêr bin ik hinne gien.

Jannes: Dy fûn it ek machtich seker, want dat is sels ek al sa'n moaien ien.

Gees: Ja, ik ha him ek noch frege as hy bargepoatsjes hie, mar hy sei dat hy altyd al sa rûn. Mar eh, no efkes alle gekheid op in stokje, wêr hasto einliks sa lang west.

Jannes: Oh, ik ha in wike by de bern west. Wer op de pjutten passe.

Gees: Wienen se wer ris fuort?

Jannes: Ja, se moasten sa nedich op wintersport. In bytsje op 2 fan dy latten yn trije minuten nei ûnderen sûzje en dan wer 2 oeren yn de file stean by de lift om wer boppe te kommen. En dan moat heit fansels wer op de lytskes passe.

Gees: Sa faak komst der oars ek net?

Jannes: Nee, ik bin allinne mar wolkom as se wer ris nei it bûtelân moatte.

Gees: Ja jong, sa giet dat. As se dy nedich binne, dan bist in bêsten, mar fierder? Ach lit mar, it sil wol nea oars wurde.

Jannes: Mar no wol ik it efkes oer dy ha. As ik it sa besjoch giesto hjoed al fuort. Alles is al sa'n bytsje ynpakt.

Gees: Mar Gees is net gek, ik gjin net fuort. Ik ha my betocht.

Jannes: No, dat soe ik geweldich fine. Dat is goed nijs, mar wat sizze sy dêrfan.

Gees: Sy eh.... sy eh, sy witte it noch net.

Jannes: Mar dan hasto in probleem famke, want do hast ommers wol tekene foar dat "Avondrood".

Gees: No en. Dan sette se dêr mar in dikke fette reade streek trochhinne. Ik lit my net twinge.

Jannes: En dy ferhúzer dan? Wannear komt dy man?

Gees: Dy komt hjoed, mar dy stjoer ik wer fuort. Opsoademiterje kin 'r.  
It feest giet moai net troch.

Jannes: No, dat kostet dy noch in moai protte jild. Sa'n fint komt net foar neat. Dy wol sinten sjen.

Gees: Ik dy fint betelje? Hoe komst derby? Fan my kriget hy gjin sint. Ik ha dy domme fint net bestelt.

Jannes: Oh, hasto him net bestelt. No ja, it docht der ek net ta wa him bestelt hat, hy sil dochs betelle wurde moatte. Dat is wis.

Gees: De bern ha him bestelt, dan moatte sy him ek mar betelje. Mar dat ha se ek tasein. Mem hoecht har gjin soargen te meitsjen ha se tsjin my sein, wy ha alles regele. De sinteraasje, de doazen, alles ha se regele.

Jannes: Mar wêrom bisto no yniens sa opstannich. Net dat ik it slim fyn hear, wat my oangiet bliuwst hjir foar altyd njonken my wenjen.

Gees: Sjoch, it is krekt as wurdt alles foar my beslist. Krekt as bestean ik net. En myn aansteande skoansoan hat alle jild fan myn hûske al útjoen. En wist oan wat?

Jannes: ik soe it net witte.

Gees: Oan in apparaatsje dat him it paad wize kin. Gewoan de bek iependwaan en de wei freegje, dat is der hjoed de dei net mear by. Tsjinwurdich ha se oeral in apparaatsje foar. Ik tink dat se sels in apparaatsje ha om de skeet dy se dwers foar it gat leit wer rjocht te setten. Bah, ik fyn it neat.

Jannes: Do kinst it wer moai bringe Gees, mar hoe liket it mei in bakje kofje.

Gees: Ferjit it mar. De kofje is al ynpakt.

Jannes: Sil ik dy wat sizze, kom mar mei. Dan drinke wy by my in bakje kofje. En ik tink dat der ek noch wol in lyts slokje yn de flesse sit. No, wat seist.?

Gees: Best genôch, mar do krigest net wer safolle drank want der kinsto net sa best tsjin. Wist noch wol, de lêste kear koest net iens mear oer de drompel komme.

Jannes: Wat? Hoe soe ik no net oer de drompel komme kinne. Wat is dat no wer foar dom praat.

Gees: Sjoch, dat wit menhear net mear. Man do wiest as in ûle, koest hast net mear op dyn fuotten stean. Lit stean oer de drompel stappe.

Jannes: Wy moatte it mar oer wat oars ha, wat in waar net?

Gees: Ja, dat is makkelik. No hoe liket it krije wy ek noch kofje, no ja kofje. Hasto noch hieltyd fan dat slokke guod mei waarme molke?

Jannes: Sa kin it ek wol wer, minske wat bist segrinich. Kom mar gau mei. (*se geane tegearre ôf, Marie komt op*)

Marie: Mem, moat mem ris hearre (*sjocht rûn*) Wêr is dy no wer? As

soe se alwer by dy âlde súlap sitte? Dy sil har wol wer tsjin ús opsette, dat se hjir bliuwe moat en sa. Mar gelokkich hat se tekene foar it tehûs en ek al sawat foar dit hûs. Dêr kin hy neat mear oan dwaan. (*Klaas komt deryn*)

Klaas: Is it âld hart der net mear?

Marie: Sy sil wol hjir njonken sitte, by âlde Jannes.

Klaas: Sitte mekoar wat op te stokeljen seker.

Marie: Tink it al. It falt my trouwens noch ta dat dy âlde snobber ús mem noch net frege hat om mei him te trouwen.

Klaas: Hâld op sis. Dy fint wie der allang mei har jild fan troch gien. Oer jild sprutsen eh....

Marie: Ik ha it net oer jild hân.

Klaas: Nee, dat bedoel ik ek net, mar bisto ek in bankboekje as in bankôfskriftsje tsjinkaam?

Marie: Nee en der ha ik einliks ek net oan tocht, mar no asto it seist.  
Nee, ik bin neat tsjinkaam. Hasto boppe yn de kastjes sjoen?

Klaas: Minske, ik ha alles neisocht, mar neat te finen. En dat moat wol boppe wetter komme oars kostet dit grapke ús klauwen mei jild.

Marie: En dat ha wy net. Wat kostet san ferhúzer einliks?

Klaas: Hy koe it noch net hielendal presiis sizze, mar minstens twa tûzend Euro. Mar jim mem hat dochs wol in bankrekken.

Marie: Fansels, oars kriget se har AOW ommers ek net.

Klaas: Wy moatte har aanstons mar efkes freegje.

Marie: Komt wol goed leave. Ik woe mar dat se hjir wie, dan koe ik har freegje wat se mei de foto's fan pake en beppe wol.

Klaas: Flikkerje se mar yn de jiske amer, dy âlde rotsoai.

Marie: Nee man, dat kin net. Dat bin har heit en mem, dy kinst dochs net samar fuortgoaie. (*giet ôf*)

Klaas: Hè, woe dy ferrekte âld heak no mar fan har jild ôf. Mar ik krij it wol, echt wol. Der kinst donder op sizze. (*rint nei de tillefoan, draait in nûmer docht wat heimsinnich*) Ja, hallo leave mei my... eh no nee, noch neat te finen. Mar dat komt wol... Ja, neffens my sit se goed yn de slokke wask... Ja, dat is goed... ik ek fan dy. (*Bertus en Siets komme deryn*) Hè, wer komme jim wei? (*wer yn de tillefoan*) Ik skilje dy aanst noch wol efkes, no doooech. (*hinget op*)

Bertus: Nim my net kwea ôf menhear, mar jo foardoar stiet iepen. (*Klaas fielt oan syn gulp*) Nee, dy foardoar net. En de belle joech gjin lûd, ik ha sels noch "follek" "roppen.

Siets: En hy kin best lûd roppe hear. Mar wy seagen dat jo ferhúzje en wy tochten by ús sels, miskien is dit hûs wol te keap as te hier.

Bertus: En doe seinen wy tsjin mekoar: "net skeaten is altyd mis", wy freegje.

Klaas: Oh, sit dat sa. No ja, skoanmem sil nei in tehûs en ik tink der yndie oer nei om it hûs te ferkeapjen. Alhoewol, ferhiere kin miskien ek wol.

Siets: Ja, en as jo ferhiere dan fange jo eltse moanne in fêst bedrach.

Bertus: En dat is foar jo miskien wol folle better.

Klaas: Ik fyn dat noch net iens sa'n gek idee. Jimme binne net achterlik.

Bertus: Mar wy ha ek net op in achterlike skoalle sitten.

Klaas: Nee, dat kin ik sa wol sjen. Wat dogge jim foar de kost?

Bertus: Ik bin ôfdielingssjef by in gruthannel en Siets wurket by in advokatekantoar.

Klaas: Hast ek in flesse fol meinaam?

Siets: Hoe bedoele jo?

Klaas: In flesse advokaat foar it âld minske.

Siets: Oh, nee. Ik wurkje by in advokatekantoar dat spesjalisearre is yn skiedingen en fallisseminten en sa.

Klaas: Dus gjin fleske advokaat?

Siets: No, der sil it net om oergean hear.

Klaas: Dus jim ha wol genôch ynkomen?

Bertus: Ús ynkomen? Dat is gjin probleem.

Klaas: Wat is jim probleem dan wol?

Siets: Noho, wy binne noch net trout begripe jo. En no sizze ús âlden, gean earst mar ris in skoftsje tegearre wenjen en as dat slagget kin jim altyd noch wat keapje.

Klaas: Ja, dan sitte jim yn "it fabuleuse sirkus". Hè?

Bertus: Wêrym?

Klaas: No eh... sa'n eh... sa'n famuleus... eh ding.

Siets: Oh, jo bedoele in ficieuze sirkel.

Klaas: Dat sis ik ja. Dus jimme moatte earst op keamers?

Siets: Ja, mar dat wol ik leafst net. Dan sitst mekoar sa op de lippe, dan fregest om problemen. En hy is de makkelikste ek net.

Bertus: Ikke net makkelik? Wêr slacht dat no wer op. As der ien persoan makkelik yn de omgong is, dan bin ik dat wol.

Siets: Hy kin altyd sa dwerslizze hè.

Bertus: Ikke dwerslizze? Hoe komst derby, do leist altyd dwers. Nim dat mar fan my oan.

Siets: No, jo hearre it wol. As dat gjin probleem is dan wit ik it net mear.

Klaas: Ja fanke, dat is in probleem. Mar wist wat, jou my jim namme en adres dan nim ik wol kontakt mei jim op.

Bertus: Asjeblyft ! (*jout in kaartsje*)

Klaas: Bertus en Sietske de Vries????? Ja ho ris efkes, bin jim no wol as net trout??

Siets: Wy bin net trout, mar dizze beide hûntsjes hjitte tafallich allebeide

de Vries. Mar wat is jo namme??

Klaas: Ik bin Klaas, Klaas Lindenberg.

Siets: Dy namme komt sa faak net foar as de Vries.?

Klaas: Dêr ha jo gelyk yn. No minsken jîm hearre fan my. (*Bertus en Siets gean ôf*) Dat is noch net iens sa gek, ferhiere. Dan bist eltse moanne wis fan in bûssintsje. (*Marie komt op*)

Marie: No, wurdt it hjoed ek noch wat? Dat stiet hjir wat foar him út te gapjen.? Wat foar kaartsje hast dêr no wer? (*pakt it kaartsje en lést it*)

Bertus en Sietske de Vries, Wa bin dat?

Klaas: In jong steltsje, sy wolle it hûs graach fan ús hiere.

Marie: Mar do woest it dochs ferkeapje??

Klaas: Ja einliks wol, mar ferhiere hat ek wol wat. Dan hast eltse moanne wat jild op de bank. Sis mar...och in lytse seishûndert Euro yn de moanne mat it wol opsmite.

Marie: Oh, dat soe moai wêze. Dan hoech ik ek net mear fan de bystân te libjen. Bin ik dêr ek ôf.

Klaas: Nee, nee,nee,nee fanke, dat moat net. Dat moatte wy oars oanpakke. Sjoch, ik ha der ris oer neitocht. Wy sette it hûs net op dyn namme.

Marie: Net op myn namme? As hâldt mem it dan op har namme?

Klaas: Nee leave, op myn namme en....

Marie: Jamar mem sei.....

Klaas: Stil no mar en lústerje earst. Wy moatte derfoar soargje dat wy wat foarút komme yn it libben en wat reserves opbouwe. Wy sette it hûs en jîm mem har sinten op myn namme... (*Marie wol der tsjin yn gean*) Stil no. Dus op myn namme en do bliuwst salang op dyn keamer wenjen.

Marie: Mar wy soene dochs tegearre wenje en no mem har hûs leech komt kinne wy.....

Klaas: Dat komt wol, dat komt wol. Harkje, salang asto noch op dyn keamer wenne stiggen do fan de bystân ja? No, ien ding kin ik dy wol fertelle, as de Sosjale Tsjinst der efter komt datsto in hûs en in protte jild hast. Dan bist dyn bystân fuort kwyt, dan kinst earst it hûs opfrette. Mar wy litte ús net pakke troch dy amtners. Do bliuwst noch in heal jier op dyn keamer wenjen en dan komst op in oare keamer, by my yn hûs. Dan bist myn kostgonger, dan hierst in keamer. Sjoch en dan hâldst do dyn útkearing, das wer wat ekstra ynkommen. Snapst wol?

Marie: Ja, mar dat is dochs net earlik?

Klaas: Oh nee? Witsto wat net earlik is? As't earst dyn eigen keet opfrette moast, das net earlik. Dat is klearebare dieverij.

Marie: No ja, do silst ik wol better witte. Mar it kloppet net.

Klaas: Leave, ik wol ommers allinne mar it bêste foar my....eh foar ús bedoel ik.

Marie: Dat begryp ik ek wol, mar it sit my net lekker dat wy de boel sa bedonderje. As se der efter komme, dan ha wy it noch net hân.

Klaas: Dêr komme se nea efter, dit plan is wetterticht. Oer in pear moanne set ik in advertinsje yn de krante en der skriuwst do op. Sjoch dan kin wy altyd sjen litte dat alles kloppet.

Marie: Ik fyn it allegear vrij yngewikkeld, mar asto it seist dan moat it wol goed wêze.

Klaas: Leau my no mar, sa moat it. Gean do no earst mar fierder mei de kelder. Ik moat noch in sakelik tillefoantsje plege.

Marie: Bêst (*giet ôf*)

Klaas: (*rint nei de tillefoan en skillet*) ....Hallo mokkeltsje, hjir bin ik wer... ja en ik ha goed nijs. It is klear hear, se hat tastimt. Ik moat allinne noch in hântekening fan dat âlde lyk ha. (*hinget op en giet ôf, undertusken hearst op de eftergrûn wat gesjong en dat komt tichterby. Jannes komt deryn en stroffelet oer de drompel en bliuwt lizzen. Gees komt der sjongend afteroan, sjocht Jannes lizzen giet der mei grutte passen oerhinne. Se ha beide wat tefolle han.*)

Gees: Bonke, bonke, bonke feart as it net helles hinde neat, bonke, bonke... (*sjocht om har hinne.*)

Ferrek, wêr is dy eh... dy eh hea...hea...healewize no wer? (*sjoch Jannes lizzen*) Wa...wa do sto no dêr no wer? As wie se drompel wer eh wer eh te heech?

Jannes: Wat ikke doch?

Gees: Ja, do wa.....wa...wa oars?

Jannes: No eh... ikke swim... jahaaaaaa...ikke swim oer it kanaal (*makket swimbewegingen. En komt foar op it toaniel.*) ...nei eh Hinge... Hingelân.

Gees: Oh? En s.... s... sjitst al wat op?

Jannes: Ik bin heal... .heal... heal...

Gees: da gie noch ne sa hurd hé?

Jannes: Healweis.

Gees: Is't wetter kåld? (*docht krekt as stekt se har tean yn it wetter*)

Jannes: Wo.... wolnee fanke, kkkkkkkom der ek yn.

Gees: Mar ik ik ha myn kibi.... biki.... kbini net by my.

Jannes: Kin ek ek wol sûnder bi.... ki.bi... sa'n ding.

Als u het hele stuk wilt lezen dan kunt u via  
[www.toneeluitgeverijvink.nl](http://www.toneeluitgeverijvink.nl) de tekst bestellen en toevoegen aan uw zichtzending.

Voor advies of vragen helpen wij u graag.



[info@toneeluitgeverijvink.nl](mailto:info@toneeluitgeverijvink.nl)



072 5112407



**“Samenspelen” is ons motto**